

Tekst: Vera Spierenburg (Saxion, Enschede)

Oersetter: Alex Riemersma (Adviseur Taalbelied en NPLD Provinsje Fryslân)

Einredakteur: Janny Bottema

Apartelinkjes

Liuwe en Sytske sieten oan de itenstafel. Mem sette it iten op 'e tafel. Earst skepte se iten op it board fan Liuwe en dêrnei op dat fan Sytske. Liuwe spatte op: "Mèèèem, mem wit dochs wol, dat ik gjin sprútsjes mei! Dit binne ek noch hiele frjemde, sokken haw ik noch noait sjoen." Sytske seach al sa mâl nei it iten op har panne. Doe't heit en mem beide ek iten op it board hiene, woe mem der wol wat oer fertelle: "Hjoed haw ik by de supermerk apartelinkjes kocht." Sytske frege súntsjes: "Wat binne dat, apartelinkjes?" Mem lei út: "Apartelinkjes binne stikken fruit en griente dy't der wat útrinne. Gewoanwei wurde dy net ferkocht yn de supermerk, omdat se net keapsjoch binne. Mar se smeitsje wol hiel goed."

Liuwe en Sytske begûnen te iten fan de jirpels en de woarst. Liuwe siet in skoftke te stinnen en frege doe: "Mem, wat bart der mei de apartelinkjes as wy dy net keapje?" Mem antwurde: "Dy wurde dan fuortsmiten, want de supermerk kin der neat oan fertsjinje." Yntusken skode Liuwe de sprútsjes fan de iene kant fan it board nei de oare. Hy tocht noch wat fierder nei. Wat soe hy dwaan as hy sels boer wie? Je kinne dochs net samar iten fuortsmite? Op skoalle learde er dat je gjinien bûtenslute moatte. Dat bart no wol mei dy apartelingen. Ynienen fûn Liuwe it begrutlik en hy naam it beslút om de sprútsjes op te iten. Oars soenen dy dochs noch fuortsmiten wurde. Earst hie mem se rêden en dan ferdwûnen se troch syn tadwaan dochs noch yn de jiske-amer. Dat mocht net trochgean! It earste sprútsje smakke ôfgrysluk, mar it twadde wie al gâns minder slim. It lêste sprútsje foel och sa ta. Hy fûn se perfoarst noch net lekker, mar it wie al in hiel ein better wurden. Grutsk sei er: "Sjoch ris, heity en memmy, ik haw alle sprútsjes opiten!" Heit en mem stutsen beide de tomme omheech. "Hartstikke goed dien, Liuwe!," sei heit.

Doe't Liuwe de jûns op bêd lei, koe er net yn 'e sliep komme. Hy lei te prakkesearjen oer dy sneue apartelinkjes dy't allegear fuortsmiten waarden. Mem hie in pear sprútsjes rêde kinnen, mar Liuwe woe eins mear rêde. Hy betocht dat er moarn oan juf freegje soe, oft er yn de klasse wat oer de apartelinkjes fertelle mocht. Ferromme foel er yn 'e sliep.

Doe't Liuwe de oare deis op skoalle kaam, rûn er fuortdaliks op syn juf ta. Hy frege har: "Juf, mei ik yn de klasse wat fertelle oer apartelinkjes? Dan sil ik der

earst noch wat oer opsykje.” Nei’t hy útlein hie, wat apartelinkjes krekt wiene, sei juf: “Wat in goed idee fan dy, Liuwe! Fansels mei dat. Ik ken wol in boer yn de omkriten; faaks kin dy dy noch wat helpe. Mei in bytsje gelok krigest in nustje foarbylden mei om yn de klasse sjen te litten.” Liuwe glundere. Wat in hartstikke goed idee fan juf. Hy seach wol, dat mem en juf efkes mûskoppen. Nei skoaltiid stie mem by it skoalplein om him op te heljen. Se wie mei de auto... Wat soe der wêze? Hy joech mem gau in tút en frege wêrom’t se mei de auto wie. “Wy sille nei de apartelinkjes-boer,” sei mem entûsjast. Liuwe seach har blier oan. Hy ljepte suver de auto yn, hy kaam neist Sytske op ’e bank telâne. Op ’en paad nei boer ‘Apartelinkjes’!

Doe’t se ienkear op ’e pleats wienen, koe Liuwe him net mear ynhâlde. Hy wie sa bliid as in protter en hie der och sa’n nocht oan. De boer hie der ek aardichheid oan; hy liet harren de hiele buorkerij sjen. Einlings kamen se op it plak dêr’t Liuwe fol spanning nei útsjoen hie: de apartelinkjes. Hy mocht út ferskillende grienten en fruit fan beide soarten priuwe: de gewoane en de apartelinkjes. “Dy smeitsje krekt gelyk!” De boer moast der om laitsje. Hy fertelde dat dat yndied it gefal wie. De measte minsken keapje allinnich griente en fruit dat der ‘gewoan’ útsjocht. Liuwe syn plan stie fêst. Hy sei: “Moarn nim ik se mei nei skoalle ta. Ik sil myn bêst dwaan, dat elk tenei apartelinkjes ite wol.” De boer knikte tefreden en hy joech him in ûnbidich grutte kiste fol apartelinkjes mei. Liuwe betanke de boer en hy sei dat er him sa gau mooglik witte litte soe hoe’t it op skoalle ôfrûn wie.

De oare moarns gong mem mei om de kiste op skoalle te krijen. Alle bern yn ’e klasse setten grutte eagen op. Juf klapte yn ’e hannen om de bern stil te krijen. Se sei: “Liuwe hat foar ús in grutte kiste mei wat lekkers meinaam. Foar it moarnsskoft sil hy der wat oer fertelle.”

Krekt foar it moarnsskoft makke Liuwe de kiste iepen. Hy hearde ferskillende reaksjes: “Wat in aparte paprika, wat in kromme woartel...,” en: “Sa’n brike ierdbei haw ik noch noait sjoen.”

Hy liet harren priuwe fan de griente en fan it fruit, dat fansels al wosken wie. De bern yn de klasse fûnen it lekker. Liuwe wie de held fan de dei. Ta beslút sei er hiel wiis, krekt sa’t grutte minsken dat dogge: “It is mei griente en fruit lykas by de minsken. Sjoch net allinne nei it uterlik en slút gjinien út. Want fan binnen binne apartelinkjes krekt like moai en lekker as de oaren!”

